

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Hans Cools, berne 1969 te Leuven (B.), studearre wiisbegearte en skiednis oan 'e Universiteit fan Antwerpen en oan 'e Université Charle de Gaulle Lille III. Helle yn 1992 syn lisinsjaat yn 'e skiednis (spesjalisasje midsiuwen) oan 'e Universiteit Gent op grûn fan syn lisinsjaatsferhanneling *Met raad en daad? – Een doorkijk op een landelijke elite. Aristocratie in de Rijksel kasselrij naar het einde van de vijftiende eeuw toe*. Promovearre yn 2000 oan 'e Universiteit fan Amsterdam op *Mannen met macht. Edellieden en de Moderne Staat in de Bourgondisch-Habsburgse Landen, ca. 1475 – ca. 1530*. Wie doktoraatûndersiker by it Europeesk Universitêr Ynstitút te Florence, postdokûndersiker by de Universiteit Leien en stêflid midsiuwske en iermoderne skiednis by it Keninklik Nederlânsk Ynstitút te Rome. Is no yn dieltiid dosint iermoderne skiednis by de KU Leuven en senior-ûndersiker en lid fan it managementteam fan 'e Fryske Academy.

Eric Hoekstra, berne 1960 op It Hearrenfean, studearre Ingelsk en algemiene taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op *Licensing Conditions on Phrase Structure*. Wie ferbûn oan it Meertens Instituut te Amsterdam. Is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Academy. Wurket dêr ûnder mear oan in Ingelsktalige syntaksis fan it Frysk yn it ramt fan it projekt 'Taalportaal Nederlânsk en Frysk'.

Joop W. Koopmans, berne 1959 op It Hearrenfean, is histoarikus en wurket by de ôfdieling skiednis fan 'e Ryksuniversiteit Grins. Yn 1990 promovearre er oan dy universiteit op *De Staten van Holland en de Opstand (perioade 1544-1588)*. Syn ûndersyk is letter ferskood nei de wikselwurking tusken polityk en media yn iermodern Europa. Op dat mêd hat er ferskate stikken skreaun en bondels redigearre, lykas *News and Politics in Early Modern Europe, 1500-1800* (2005). In resint artikel is bygelyks 'A Sense of Europe: The Making of this Continent in Early Modern Dutch News Media' yn: J. Raymond and N. Moxham (eds.), *News Networks in Early Modern Europe* (Leien: Brill, 2016). Ein 2015 ferskynde fan syn hân in nije edysje fan 'e *Historical Dictionary of the Netherlands*. De lêste jierren wie er ek warber as ien fan 'e redakteuren fan 'e *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* (kommendeweis yn 2016), op it mêd fan 'e Fryske skiednis fan 'e lette midsiuwen oant 1945. Fierder is Koopmans redaksjefoarsitter fan it jierboek *De Vrije Fries* en foarsitter fan 'e Flaamsk-Nederlânske Feriening foar Nije Skiednis (VNVNG).



Ferenc Postma, berne 1945 te Grins, studearre teology en Semityske talen oan 'e Frije Universiteit te Amsterdam. Promovearre yn 1995 oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (Hongarije) op *Auf der Suche nach akademischen Drucken von Franeker (1585-1811) in den Spuren der Peregrinatio hungarica*. Wurke fan 1979 oant novimber 2010 as teolooch en filolooch by de teologyske fakulteit, wurkgroep ynformatika, fan 'e Frije Universiteit te Amsterdam, waard ein 1997 ek bûtengewoan heechlearaar oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (teologyske fakulteit). Is sûnt jannewaris 2011 ferbûn oan 'e UB Frije Universiteit, ôfdieling 'Bijzondere Collecties', foar neier ûndersyk nei it âlde protestantske boek, yn it bysûnder yn relaasje ta it histoaryske Hongarije.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

